



WOLKOM BY TSJIL TSJEKT - DYN SPORT

Wolkom by Tsjil Tsjekt! Wat moai dat jim meidwaan sille! Jou antwurd op de fragen fan Raynaud en skoar pompies! Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'

Praktyse saken foar elke Tsjil Tsjekt. Gean nei www.tsjiltsjekt.nl, loch yn en sykje it programma op



De Tsjallenge fan dizze Tsjil Tsjekt

Doch krekt as Raynaud in potsje 'de flier is lava' en stjoer dêr in leuke foto (of filmke) fan nei tsjil@omropfryslân.nl. Meidwaan oan de tsjallenge is goed foar 300 ekstra pompies!



Mear dwaan mei dit tema?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen. Doch in aktiviteit út de metoade of kombinearje de materialen út Spoar 8 mei oare fakken.



Temateek

Yn it tema 'Bliuw yn beweging!' fynst losse materialen dy't passe by it tema. Bygelyks oer Fryske sporten, topsport, Olympyske Spelen en sûn libje.



Taalaktiviteiten

'Promoatsje dyn sportferiening' – learlingen meitsje in poster om harren sportferiening te promoatsjen.

'Kom yn beweging' – learlingen meitsje in ynstruksje-filmke om minsken út te daagjen om yn beweging te kommen.



Projekten

'Dit is myn sport' – makke foar groep 5, oer ferskillende sporten, learlingen geane yn petear oer ferskillende sporten dy't se kenne.

'Om de tonne' – makke foar groep 6, oer Fryske sporten, learlingen meitsje in poster oer in Fryske sport.

'Lâns de line' – makke foar groep 7, learlingen meitsje in radioferslach fan in sportwedstriid dy't sy wol sjogge, mar it oare publyk net.

'Us klup is de bêste!' – makke foar groep 8, oer sportferieningen, de learlingen meitsje in supportersliet foar harren favorite klup.

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer it tema ek nijsgjirrige nijsjes, spultsjes en in strip!

Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!

